


# Skikky



Dizze Skikky is fan: \_\_\_\_\_





## Fierljeppen

By it fierljeppen moastst mei in pols sa fier mooglik ljeppen. Minsken brûke al mear as 1000 jier stokken om oer sleatsjes te springen. Letter woene se wolris witte wa't dat it bêste koe. De earste fierljepwedstriid waard yn 1956 hâlden. Se brûkten doe polsen fan hout. Dy koene wol 10 meter lang wêze. Yn 1975 makke ien in pols fan aluminium. Dat is in metaal. Dy pols wie 12.50 meter. Mei in lange pols kinst fierder springe as mei in koarte. Yn 2006 betocht ien in pols fan karbon. Karbon is in keunststof. Dizze pols wie noch langer. Wol 13.25 meter. Op 27 augustus sprong Bart Helmholt mei in karbon pols 21.51 meter. Sa fier hie noch noait ien sprong. In nij rekôr. As 't in kear fierljeppen wolst, moastst nei Burgum, Bûtenpost, it Heidenskip, Drylst, de Jouwer of Winsum. Dêr ha se skânzen om te springen. Gewoan sleatsjespringe kin fansels oeral.



'Nije wike win ik hooplik in blikje silverpoets.'

### Opdracht 1.

Lieuwe Ljepper kin geweldich sporte. Hy hat in protte p.r.'s. Skriuw de goede tiid, ôfstân of útslach by de goede sport. Kies út:

11,2 sekonde (K),      95 kilo (N),      6,30 meter (M),      2.30 oere (A),  
 18.20 meter (P),      50,5 sekonde (E),      48,20 meter (l),      6-o/6-o (O).

1. 100 meter drave \_\_\_\_\_
2. maraton \_\_\_\_\_
3. fierspringe \_\_\_\_\_
4. fierljeppen \_\_\_\_\_
5. spearwerpe \_\_\_\_\_
6. tennis \_\_\_\_\_
7. reedride 500 meter \_\_\_\_\_
8. gewichtheffe \_\_\_\_\_



Lieuwe wint hiel faak in wedstriid. Hy is dan

1	2	3	4	5	6	7	8
---	---	---	---	---	---	---	---



Taal 8 sport

**Opdracht 1.**

Op 'e pau komme wurden fan 6 letters.  
 De lêste letter fan elk wurd stiet op syn búk.  
 Sjoch nei de plaatsjes en skriuw de wurden goed op.



**Opdracht 2.**

Skriuw alle wurden noch in kear op. De wurden dy't yn it Nederlânsk en it Frysk gelyk skreaun wurde komme yn de earste rige. De wurden dy 't yn it Frysk oars skreaun wurde komme yn 'e twadde.

GELYK	OARS






## Aaisykje en fierljeppe

In stik lân mei gers neame we yn Fryslân in greide. De greide is fan de boer. Hy meant it gers en lit syn fee yn 'e greide rinne. Yn de greide wenje ek fûgels: greidefûgels. Yn Fryslân libje in protte greidefûgels. Miskien hast wolris heard fan de ljip, de skries en de strânljip.


Greidefûgels lizze harren aaien maitiids yn it lân. Aaisikers sykje de aaien fan de ljip soms op. Dy

aaisikers ha faak in pols by harren. Mei dy pols springe (ljeppe) se oer de sleatsjes. Sa kinne se fluch fan it iene op it oare lân komme. Troch it aaisykjen is it fierljeppen ûntstien.



### Opdracht 1.


Tekenje yn dizze greide in pear ljippen en in pear skriezen. Miskien springt der ek wol in aaisiker oer de feart.





## Ynfo 8 Sport


## In nij shirt



"Sunich op wêze , mei net wiet wurde!"

**Opdracht 1.**

By de fierljepclub is it hjoed feest. Alle 24 ljeppers krije in nij shirt. Se mochten sels de kleuren kieze. As der mar read, giel, grien of blau yn siet. Alle 24 ljeppers keazen in oar shirt. Kinste de 24 shirts kleurje? Meist yn in shirt net 2x deselde kleur brûke.






**Krúswurdpuzel**

Yn de puzel sitte dizze wurden twa kear:

**sipel, lasso en pears.**

Kinsto se op it goede plak sette?

1		2		3
2				
3				



Yn dizze puzel sitte: **tafel, karaf en raket.**

1		2		3
2				
3				

**Sudoku**

Yn dizze sudoku brûkst de sifers 1 oant en mei 6.

Se sitte yn elke kolom, rigel en yn elk hok

	3		1		
	2	1			4
				3	2
		4			
5			6		